




DOARPSNIJS

Nûmer 508

augustus 2026

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Hurddraversdyk 95	De Jouwer
	korrespondint om útiens	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830
Joop de Vries	Lyklamawei 15	0645747202
Henk Bokma	Omrin 11	0610054393

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 24 july is Wil Baukema-Dierkx yn Aldemardum stoarn. Sy is 77 jier wurden.

BERNE



Op 31 july is Bram berne, soan fan Aldo Postma en Annemiek Nota,
Master Bodestrjitte 1

FERHUZE

Sander van der Veen, tegearre mei syn freondinne Janna nei de Ikebosker 36 yn Aldemardum.



Ale Haarsma en Marijke Postme mei de bern nei de Hege Bouwen 5.

Albert en Jeannet Bekedam-
Koersen nei Hoitebuorren 6A.



Hendrik en Janny Postma-Rienstra
nei de Pôle op de Hege Bouwen 5.

NIJE YNWENNERS

Evert en Jetske Nadema-
Graafsma op de Hege
Bouwen 12.



Fam. W. de Vries op
"de Bekedamster",
Hoitebuorren 12.



Monique Brammer op Wissebuurt 4.

FERHUZE

Na bijna 37 jaar aan de Hege Bouwen te hebben gewoond sturen wij nu een groet vanuit De Lemmer.
We wilden graag iets kleiner en hebben hier een passende woning gevonden.
Wij wensen een ieder gezondheid en geluk.

Paul en Tjitske Baas

PLAYBACKSHOW

Doarpsgenoaten fan Nijemardum.

Ek dit jier nodigje wy jimme wer út foar ús jierlikse playbackshow yn it doarpsûs.

De lêste twa jier ha wy genoaten fan alle talint en kreativiteit op it poadium en binne tankber foar de geselligheid dy't jimme alle kearen wer bringe.

Meld jim dêrom mar gau oan fia **0627570837 of holtrop6@gmail.com** mei fermelding fan de nammen fan de dielnimmer(s) en it liet dat jim hearre litte wolle.

Hooplik sjogge wy jimme op 26 septimber yn it doarpsûs. Wy meitsje der wer in gesellige jûn fan!

Iris en Ylse

DAMCLUB

Ondanks de tropische temperaturen komt september al weer in zicht en dat is de maand waarin veel clubs en verenigingen weer hun winteractiviteiten starten.

Ook de damclub begint weer aan het nieuwe seizoen en wil je dat ook eens proberen dan ben je van harte welkom.

Dammen is een denksport voor jong en oud waarbij de gezelligheid ook een belangrijke rol speelt.

We beginnen weer op 7 september en vervolgens elke maandag om kwart voor acht in het dorpshuis.

Bestuur damclub



BAZAAR

Bazaarcommissie O.N.S. organiseert ten bate van
de PKN Oudemirdum-Nijemirdum-Sondel
haar jaarlijkse bazaar in dorps huis 't Klif te Oudemirdum
op D.V. 10 oktober 2026 vanaf 9.30 uur tot 14.30 uur

Iedere bezoeker dingt mee naar een prijs d.m.v. een lot

Het is ons 4de lustrum dus we hebben iets leuks in petto voor iedereen.

Draaiend rad met veel mooie prijzen

Verschillende raadspelletjes

Actieve doe-spelletjes. Allemaal mooie prijzen

Eigengemaakte jam. Rabarber in potjes. Stoofperen.

Zoetzuur van augurk en courgette. Eigengebakken cake en koek.

Zelfgemaakte yoghurt van de Betonpleats

Kaarten, handgemaakt. Mooie vogeltaarten, een lust voor het oog

Verkooptafel met leuke dingen, kleine prijsjes

Natuurlijk de handgebreide sokken.....ook op nabestelling

Insectenhotels Houten voorwerpen Vogelhofjes, alles handgemaakt

Bloemdecoraties, ook al voor de kerst

Kransen in verschillende soorten en materialen

Handbeschilderde kabouters

In de speciale koffiehoeke is gelegenheid voor ontmoeting, onder het genot van
een aangekleed bakje koffie, thee of fris

Na afloop trekking van de prijzen

Kortom volop sfeer

Dit alles mag U niet missen. Reserveer de
datum, plaats en tijd in Uw agenda. Een uitje voor jong en oud

WA BIN IK?

Efkes twa moanne wachtsje op de útslach fan “wa bin ik” en, ek al wie der diskear ien moanne ekstra betinktiid, it wie dôchs noch in dreech ferhaal.

De politikus dy’t himsels goed ferkeapje koe wie nimmen oars as Henk Koops fan de Hege Bouwen. Henk is fraksjefoarsitter en listlûker fan D66: “politikus-ser” kin men it net krije!

En mei sa’n namme as Koops kin hy himsels goed ferkeapje en dêr kin men ek net sûnder yn de polityk.

De earste droege woarst nei de simmerstop giet nei Nanda Mouw . Nanda fûn it in lestich riedsel mar mei de helptroepen út Aldemardum kaam it dochs noch klear!

**Dizze politikus
kin him sels
goed ferkeapje**

**Lytse Jelte mei
graach
wjirmsykje**

Wa mei dit dan wêze?

Belje de oplossing nei nr. 571889

Of mail nei:

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

FIT

Aan een ieder die minder toegankelijk is waar dan ook.

Vanuit FIT(fryske marren inclusief toegankelijk) wordt er op 5 oktober een startbijeenkomst gehouden in het dorps huis te Oudemirdum, Een ieder is welkom om mee te praten over de dingen die u/jij tegenkomt wat niet toegankelijk is.

We lopen vaak tegen iets aan maar kunnen dan niks.

5 oktober 15.00 uur in het dorps huis te Oudemirdum. Komt allen.

Jan en Marijke Kuiper zitten in deze organisatie.

HOEKSTIEN

13 september 10.00 uur startzondag in Oudemirdum

20 september 10.00 uur pastor Wouter Bandstra

4 oktober 10.30 uur Fjoerdienst

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdag van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

Vrijdag 25 september



WORLD SERVANTS

Doneer jij jouw statiegeld aan ons?



Wist je dat je jouw statiegeld kunt doneren aan **World Servants Actiegroep Gaasterlân?**

Op verschillende plekken in Zuidwest-Fryslân staan onze statiegeldcontainers. Lever je lege flesjes en blikjes in bij één van de locaties op de kaart en help ons mee om mooie projecten mogelijk te maken!



In **Nijemirdum** vind je onze statiegeldcontainer aan de **Lyklamawei 23**.

Dus: **niet weggooien,**

maar doneren!



Met jouw lege flesje of blikje help je ons een stapje dichterbij een mooie opbrengst voor onze projecten.

Alvast heel erg bedankt voor het sparen, inleveren en doneren!

World Servants Actiegroep Gaasterlân



LONGREVALIDATIE

8 weken longrevalidatie in het Nederlands Astmacentrum Davos
Op alpine hoogte – Clavadel, Davos (1686 meter)



Om te beginnen zoveel kaartjes en vragen ontvangen. De vele vragen zijn verwerkt in het onderstaande verslag. Zoveel warmte, zoveel kaarten. Tiege tank!

Astma in het kort - Astma is een ontsteking van de luchtwegen: verkramping, opgezwollen slijmvlies, extra slijm. Minder zuurstof betekent benauwdheid én energieverlies. De longen reageren sterker op rook, fijnstof, parfum, grassen en andere prikkels.

In Nederland hebben zo'n 20.000 mensen ernstig astma — ik hoor bij die kleine groep.

Gelukkig is de lucht in Nijemirdum veel schoner dan waar we eerder woonden. Mijn wereld is hier letterlijk groter.

Het Nederlands Astmacentrum - Het NAD bestaat al 128 jaar en werkt samen met een Zwitsers revalidatiecentrum in Davos Clavadel. Het Nederlands centrum maakt gebruik van de Zwitserse faciliteiten zoals fitness-ruimte, zwembad, fysiotherapie-afdeling, longfunctie, röntgen en laboratorium.

In het NAD werkt een Nederlands multidisciplinair team dat je onderzoekt, begeleidt en helpt doelen te stellen. In de laatste week worden alle metingen herhaald en maak je een persoonlijk astma-actieplan voor thuis. Het weekprogramma is gevuld met verschillende gesprekken en fitness, zwemmen, fysio-wandeling.

En natuurlijk is er de prachtige omgeving: Een van de gebieden met de



schoonste, droge lucht die er is. Bergen, marmotten, edelweiss, koeien met bellen en een vriendelijk Grüezi (goedendag) onderweg. Op de plek (Davos Dorf) waar het allemaal begon, De Schatzalp, staat het historische gebouw wat nu een hotel is. Met een prachtige botanische tuin.

Oja, het programma duurt acht weken.

Waarom hoogte werkt - De lucht in Davos is droog en schoon: minder pollen, huisstofmijt, schimmels en fijnstof. Daardoor nemen ontstekingen af. Longen

hebben ongeveer zes weken nodig om te herstellen. De eerste week sliep ik vooral en liep ik kleine stukjes. Acht weken later wandelde ik acht kilometer door de bergen en fietste ik ruim 500 hoogtemeters zonder te hoeven stoppen. Echt een fijne verbetering.

Voor de opname - Afgelopen zomer ging het snel bergafwaarts met mijn ernstige astma.. Verandering in medicatie pakte twee keer verkeerd uit. De vochtige winter hielp niet mee en een virus deed er nog een schep bovenop. Sinds najaar 2025 zat ik al op maximale medicatie: alsof je continu door een rietje ademt. Als ik ergens naartoe ging, moest ik vooraf én achteraf rusten en extra medicatie nemen om het überhaupt te kunnen doen. De wandelingen met Gys werden steeds korter. En mistig /vochtig weer, betekende binnen blijven.

Onzichtbaar - Aan de buitenkant zie je niets. Medicatie laat je er vaak beter uitzien dan je je voelt. Wat je buiten doet, betaal je thuis met extra rust. Zo is dat ook met 't SketsHûs: opladen vooraf, rustig aan op de dag zelf, herstellen erna.

Toch nog lastig om voor te stellen, hoe het is om benauwd te zijn? Pak een rietje en loop de trap op — dan heb je een idee. Maar wees voorzichtig...

Tijdens de opname - In het Nederlands Astmacentrum Davos kreeg ik weer ruimte in mijn medicatie: opschalen als het moet, minder als het kan. Daarnaast krijg ik twee verschillende biologicals die de stoffen wegvangen die mijn longen laten dichtknijpen. Ernstig astma blijft grillig, dus het blijft balanceren tussen

weer, prikkels en activiteiten. Bewegen is belangrijker dan toegeven aan het gevoel.

Herstel en preventie - Voor mij was dit de vijfde opname — telkens met veel resultaat. Verhuizen naar Zwitserland doe ik niet; het leven daar is duur en de mensen zijn wat meer op zichzelf. Revalideren daar is goud waard, maar thuis blijft het fijnst.

Voor nu heb ik weer wat ruimte in mijn longen en kan ik thuis beter schipperen met mijn energie. Samen met Gauke kan ik weer meer ondernemen. Mijn longbatterij is opgeladen.

Nogmaals mijn hartelijke dank voor de kaarten en de vragen.

Groetnis, Rianne Witteveen

ps - heb je nog ergens een oude sok met wat euro's. Of wil je gewoon graag doneren. De astmaVereniging Nederland Davos (VND) helpt mensen met (ernstig) astma vooral door mee te denken over goede zorg, duidelijke informatie te geven, lotgenoten te verbinden en op te komen voor hun belangen.(ANBI en CBF gecertificeerd).

<https://nederland-davos.nl/donatie/>




WICKLOW WAY

As korrisspondint om utens moat ik my sa no en dan wol hearre litte, oars wurd ik der út knikkere.

Dus ha Johannes en ik mar wer op fakânsje west. Hieeel ferfelend...

Mar ja, it is komkommertiid, dus dogge wy alles om it Doarpsnijs fol te krijen.



Neidat wy al in oantal jierren yn Spanje west ha, like Ierlân ús no wol in útdaging en dan daliks mar in pittige rûte, de Wicklow Way. De âldste rûte fan dat lân mei paadwizers fan Clonegal nei Dublin: 127 kilometer neffens it boekje. Der binne meardere farianten, fan 5 oant 8 dagen. Wy kieze derfoar om de rûte yn 6 dagen te rinnen. Komt del op sa' n 25 km op in dei. In goede rekkender sjocht dat dit net kloppet: $6 \times 25 = 150$ en gjin 127. Dochs moatte wy wol 25 km rinne want de B&B's sitte net oan de rûte. Wy moatte dus wat ekstra km's rinne. "Mar dat moat slagje" sis ik optimistysk.

Yn juny is it safier; wy fleane op Dublin en wurde mei de bus nei it startpunt, 127 kilometer súdliker, brocht. Nei Bunclody.

De earste twa dagen is it hast 30 graden. "Not normal", sizze de Ieren. Dat tochten

wy ek al. De reden dat wy nei Ierlân geane, is de koelere temperatuer en no ha wy de Spaanske hjiite te pakken! Gelokkich reint it de tredde deis 😊, wy komme as twa fersûpte katsjes by ús hotel oan. Mar dêr binne se der klear foar: dêr is in moaie skuonnedroeger op stroom. De oare moarns binne dy in stik hinne droech.



De natoer yn Ierlân is prachtich; mei syn hichten en djipten... mar dat betsjut dus wol dat der hast neat flak is. It is allinnich mar klimme en dale en dat de hiele dei troch. Wy binne dat hielendal net wend en it fâlt ús wol in bytsje ôf.

In lunchpakket moat mei foar ûnderweis, want wy komme net troch doarpkjes hinne.

En dat h

at ek wol wer wat. Wy ha beide in termosflesse yn de rêchsek; ien mei kofje en ien mei hyt wetter foar de "cup-a-soup".

Wy ha alle tiid foar it iten en drinken en nimme de omjouwing yn ús op. De moaie boskpaden mei lâns de kant mei mos begr

oeide stiennen en stobben. De fiergesichten, de moaie loft, in moskejong dat helples mei syn wjukjes fladderet en syn bekje iepen docht as hy fuorre wurdt. "Geloksmomintsjes" neam ik dat. En wy binne geloksfûgels dat wy dit noch dwaan kinne, tegearre.

Underweis komst net safolle minsken tsjin. Dat is ek in ferskil mei Spanje. Wy treffe in famke út Eastenryk dy' t yn Dublin begûn is. Sy wol nei dizze reis noch nei Ingelân en Skotlân. Sy lit har âlders elke dei efkes witte wêr' t sy is.

In famke út Dútslân sjocht de Jakobsskelp op de jas fan Johannes. Ek sy hat al yn Spanje rûn en wol der wer graach hinne. Bysûnder dat der safolle jongeren de tiid nimme om sa' n tocht te meitsjen. Even fuort út harren jachtige bestean en hearlik de holle leech meitsje en ûnderfine wat der echt belangryk is yn it libben.

Wy rinne ek in pear kear mei in stel út Brabân op, Dick en Corry. Sy ha dizze rûte 32 jier ferlyn ek rûn, doe' t se elkoar noch mar krekt koene. Doe gie it al wat makliker as no, sizze se.

De lêste dei is de pittigste. It waar wat wikseljend: reinjas oan en dan wer út. Ek ha wy wer lêst fan Drintske miggen (dazen); kinst net stilsteane of se ha dy wer te



pakken. As lêste klim binne de Dublin Mountains oan de beurt. Neffens ús beskriuwing moat it in koarte, mar steile klim wêze. Wy begripe de definysje fan “koart” net hielendal want wy geane hieltyd mar omheech.

As wy einlings boppe binne, erfare wy sa’n rêst. Hjir is it sa fredich. Wy geane even sitten om nei it gesang fan de ljurk te lústerjen. It liket wol as sjongt hy allinnich foar ús.

De ôfdaling is ek wer pittich; de paden ûnflak en fol mei bolstiennen.



En krekt as de ôfrûne dagen, ha ik de lêste kilometers de ‘geit’ wer mei. Johannes is oan de ein en hat it dreech mei ôfdalen trochdat hy lêst fan syn knibbel hat. En dan kin hy mekkerje! Kinst der mar better in eintsje efter bliuwe...

Hoe tichter wy by Dublin komme, hoe drokker it wurdt. Hjir begjint wer it jachtige bestean.

De ein fan de Wickow Way is yn it Marlay Park; mar wêr is it einpunt?

Der ha konserten west en der steane oeral hikken.


Mar de oanhâlder wint. Wy meitsje in foto fan de finish en sykje ús hotel op. Wy binne der! Wy ha it helle!



Al ha wy dizze tocht wol wat ûnderskatten. De kuierskuon kinne yn de koffer en de slippers kinne oan; hearlik!

Net allinnich de kuierskuon komme yn de koffer. Wy nimme ek de geloksmomintsjes mei. Thús komt der in pear dagen letter noch sa’n momintsje by. Myn beppesizzer Maud helpt my by it ierpeldollen; “de moaiste dingen yn it libben binne fergees” sei ús heit altyd. En hy hie gelyk!

Coby



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe en Harm Willem Hielkema	Hielkemabouw
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/repairatie
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Waar:

t.b.v.:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

KNGF
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes

Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/
deksels/spuitbussen


Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl

Inleveren van postzegels/
Ansichtkaarten/
geboortekaartjes
en oude munten

fam. J. Veldman,
Nij Amerika 8 en
fam. Y. Wiersma,
Omrin 1

Kerk in Actie



AGINDA

25 septimber	Der is wer in snackjûn
26 septimber	Playbackshow
5 oktober	FIT, 15.00 oere, It Klif Aldemardum
10 oktober	Bazaar PKN ONS, 9.30-14.30 oere, It Klif Aldemardum
31 oktober	Pompoenwedstijd met pompoen snijden

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 24 september

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 14 septimber

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com